MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Tjitte Hemstra CDA, Aebe Aalberts BBB, Dieuwke Bakker ChristenUnie, Petra Ellens PVV, Harrie Graansma	

Moasje nr.	16
Paraaf	
Wurklistpunt	7
Beslút	

MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	29 jannewaris 2025
Wurklistpunt	07. Beliedsbrief Lânbou Fryslân 2025-2030
Koarte titel fan de moasje	Mynbouskea foar de lânbou ferhelje

De Steaten, yn gearkomste byinoar op 29 jannewaris 2025, heard hawwende it berie;

konstatearjende dat
- yn it *Beliedsbrief Lânbou 2025-2030 – Noflik Buorkje yn Fryslân* in tal negative gefolgen fan gefolgen fan peilferleging opsomd wurde: funderingsskea, ferdrûging fan sângrûn, fersilting fan klaaigrûn, problemen mei de grûnwetterwinning en de natuer;

oerwagende dat
- it (grûn-)wetterpeil net allinne ferlege wurdt foar de lânbou en it meanfjild net allinne sakket troch it lângebrûk;
- it peil yn guon gefallen ek oanpast wurde moat omdat it lân sakket troch de winning fan sâlt en gas út de djippere ûndergrûn;
- dat dêrtroch de lânbou-wearde fan de grûn fermindert of sels ferliest;
- in grut oantal partijen yn de Steaten, gemeenterieden en it AB fan Wetterskip Fryslân yn novimber in oprop dien hawwe om fan Fryslân gjin mynbouparadys te meitsjen en te soargjen *'dat fan besteande winningslokaasjes alle skea fergoede wurdt.'*

sprekke as harren miening út
- dat de rekken fan de gefolgen fan it ferleegjen fan de grûn te neidiele fan ús ynwenners en ús bedriuwen, wêrby't yn it bysûnder de lânbousektor te lijen hat, dellein wurde moat by dy partijen en mynboubedriuwen dy't dy skea feroarsaaksje, sawol no as op de lange termyn.

en geane oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	FNP, Tjitte Hemstra CDA, Aebe Aalberts BBB, Dieuwke Bakker ChristenUnie, Petra Ellens PVV, Harrie Graansma